

Hitteplan: wol hjitte mar gjin plan

FNP Ljouwert stelt skriftlike fragen oangeande it ûntbrekken fan in eigen Hitteplan yn ús gemeente oan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders sa as bedoelt yn artikel 41, earste lid fan it reglemint fan oarder fan de gemeenteried fan Ljouwert.

It Rode Kruis hat oanjûn him soargen te meitsjen oer it ûntbrekken fan gemeentlike hitteplannen yn Fryslân. Dat wie hjoed te lêzen yn in nijsberjocht fan Omrop Fryslân. Ek de gemeente Ljouwert hat, neist it lanlik *Nationaal Hitteplan* fan it RIVM, gjin eigen lokaal hjitteplan. Mei it each op de tanimmende ekstreme hjitte troch klimaatferoaring en de mooglike gefolgen foar kwetsbere groepen, is it fan belang dat de gemeente goed taret is.

Fragen

1. Is it kolleezje it mei ús iens dat ekstreme hjitte in grut risiko foar de folkssûnens foarmet, benammen foar âlderen, jonge bern, minsken mei sûnensproblemen en minsken mei in geestlike en lichaaamlke beheining?
2. Dielt it kolleezje de miening dat de gemeente Ljouwert neist it lanlik *Nationaal Hitteplan* fan it RIVM, ek in eigen lokaal hitteplan hawwe moat? Sa ja: Is it kolleezje fan doel om op koarte termyn in gemeentlik hitteplan te ûntwikkeljen? Sa ja, binnen hokker tiidframe? En sa nee: kin it kolleezje útlizze wêrom?
3. Kin it kolleezje útlizze wat har rol is by in lange perioade fan ekstreme hjitte, en hokker partijen dêrby belutsen binne?
4. Is it kolleezje ree om sa nedich ekstra maatregels te nimmen by ekstreme waarmte, lykas it oanwizen fan ferkoelingsplakken en ekstra wetterfoarsjinnings?

It is waarm dus meitsje jim net te drok mar de fraksje fan FNP Ljouwert soe wol graach antwurd op ús fragen hawwe wolle.

Mei hertlike groetnis,

Bauke Beert Keizer
FNP Ljouwert